



Wy binne Tryater

Missy

Tryater, woartele yn de Fryske mienskip, produsearret kwalitatyf heechwaardich Frysk- en/of meartalich teäter foar in publyk fan folwoeksenen, jeugd en jongeren binnen en bûten Fryslân. De (ko-)produksjes fan Tryater drage foar in belangryk part by oan de fitaliteit, ynnovaasje, profesjonalisearring en ynternasjonalisearring fan it Fryske kulturele fjild en de taalemansipaasje en -ferskaat binnen de Nederlânske poadiumkeunsten.

Profyl

Tryater is it meartalige teäterselskip fan Fryslân en makket diel út fan de lanlike kulturele basisynfrastruktuer. De Fryske taal hat in evident plak yn ús foarstellingen. We spylje sa'n 235 foarstellingen yn it jier, foar sa'n 23.000 bern, jongeren en folwoeksenen. Troch hiel Fryslân. Us foarstellingen binne mearstimmich, ynklusyf en tagonklik: we wolle der wêze foar *alle* ynweners fan Fryslân.

We meitsje lokaasje teäter, grut- en lytsskalich, op plakken dêr't mienskippen by elkoar komme: de kantine fan de sportklup, it iepenloftswimbad, de skoalle of it doarpsplein. Us foarstellingen spylje yn op it minsklik ferlet fan ferbining yn in permanint ûnwisse tiid. We litte sjen hoe't mondiale, maatskiplike ûntwikkelingen lokaal trochwurkje.

As selskip lûke we yn it proses fan it meitsjen op mei de mienskip by de foarstellingslokaasje of it foarstellingsûnderwerp. Sy is boarne, meispiler en spegel. Wy bringe ferskillende minsken en perspektiven by elkoar, troch generaasjes, kulturele en sosjale achtergrûnen hinne. Sa ûntstean nije ferhalen mei in ferbinende krêft.

Us artistike team is ferskaat gearstald (wat âldens, etnisiteit, sosjaal-kulturele achtergrûn, seksuele oriïntaasje oanbelanget). Alle makkers fiele har ferbûn mei Fryslân en hawwe affiniteit mei ús dokumintêre wurkmetoade. Foar talint meitsje we trochrinnend romte, út soarch foar de nije generaasje Frysk(talig)e teätermakkers. Fia eigen talintûntwikkelingstrajekten en gearwurkingen mei kollega-ynstellingen yn Noard-Nederlân, lykas Station Noord.

Tryater ken in rike skiednis as teäterfoarsjenning foar Fryslân. Yn 2025 fiere we ús 60-jierrich bestean en we sjogge alfêst út nei 2085. Us bedriuwsfiering is rjochte op in duorsume takomst. Dat sjochst werom yn wat we kieze op artistyk mêd, ús publyksoanpak, de gearwurkingen dy't we oangean, ús talintûntwikkelingsbelied, de ynfolling fan ús rol as wurkjouwer en de maatregels dy't we nimme foar natuer en miljeu.

Us berik is grutter as Fryslân allinne. Sa hawwe we partnerskippen mei teäterselskippen en festivals yn Noard-Nederlân en binne we de driuwende krêft achter in Europeesk netwurk fan teäterynstellingen dy't – krekt as wy – meartalich wurkje yn in regionale kontekst. Ut ús unike regionale posysje wei lûke we de wrâld yn.

MEARTALICH

DUORSUM

YNKLUSYF

TIGHTBY

KWEEKFIVER

REGIONAAL

YNTERNASJONAAL

Artistike koers

Weromblik 2021-2024

Sûnt 2020 stiet Tatiana Pratley oan it artistike roer fan Tryater. By de start hie se in nije koers foar eagen: sa ticht mooglik by it publyk komme, troch teäter te meitsjen op plakken dêr't ynwenners fan Fryslân by elkoar komme. Lykas de iisbaan, de snackbar en it repetysjelokaal fan de fanfare. Ek woe se eksperimintearje mei it talitten fan de werklikheid yn produksjes, ûnder oare troch ynwenners fan Fryslân mei ferskate achtergrûnen en leeftiden ûnderdiel wêze te litten fan produksjes. Sa waard de Fryske mienskip ús boarne, meispiler en spiegel.

By it betinken fan de plannen hie net ien foarsjoen dat de wrâld lange tiid ta stilstân komme soe. Yn de tiid fan de koroanamaatregels socht Tryater nei manieren om troch te gean mei it meitsjen fan teäter. It die bliken dat de útsette artistike koers ferrassend goed oansleat by de mooglikheden en beheiningen fan dat momint. Troch ús fleksibiliteit as selskip, ús ûnôfhinklikheid fan it sealesirkwy en it entûsjasme fan ús publyk koenen we ús foarnommen produksjes omfoarmje ta bysûndere kollektive ûnderfiningen. Suksesfolle foarbylden dêrfan binne *It Celok Fan Fryslân* (2020), in audiokuier yn koproduksje mei 10 ferskillende doarpsmienskippen en *Nacht* (2021), in kombinearre digitale en yntime live teäterûnderfining by minsken thús, doe't akteurs oangripende monologen spilen by 540 foardoarren yn hiel Fryslân.

Doe't de wrâld wer yn beweging kaam, koenen we grutter produsearje, sa't oarspronklik de bedoeling wie. Tagelyk bleaunen we trou oan de ambysje om sa ticht mooglik by ús publyk te kommen. Yn de *Fanfare*-trilogy (2023-2024) komme it grút- en lytsskalich wurkjen by elkoar: de monolooch *Ynblaze* spilet yn repetysjelokalen fan sân ferskillende dielnimmende fanfarekorpsen, *Thúsblaze* is in unike teäterûnderfining by minsken yn de húskeamer en it slotstik, de byldzjende lokaasjeproduksje *Fanfare*, is yn it doarpsdekôr fan Easterlittens.



Fyzje 2025-2028

De wrâld fan hjoed sjocht der folslein oars út as we ús fjouwer jier lyn yntinke koenen. De permaninte steat fan ûnwissichheid dêr't de minskeheid yn sit, is tekenjend foar dizze tiid. Us manier fan teäter meitsje slút oan by dizze nije realiteit. Wy spylje yn op it ferlet fan hâldfêst, harmony en treast. It hoopfolle gefoel ûnderdiel te wêzen fan in mienskip, ferbining te fielen. En tagelyk ûndersykje en befreesje we de wearden fan de mienskip. Wy wurkje neffens ûndersteande prinsipes:

- * Wy meitsje lokaasje teäter, grut- en lytsskalich, aventoerlik én tagonklik.
- * Troch op lokaasje te spyljen litte we ús publyk yn de kunde komme mei plakken dêr't se noait earder west hawwe (lykas de achterkant fan de haven), of krekt op in oare wize sjen nei it plak dêr't se alle dagen komme (lykas it skoalplein).
- * Wy komme yn hiel Fryslân: ús makkers bringe op syn minst 30% fan har tiid troch bûten de muorren fan ús hûs. Sy litte har ynspirearje troch de omjouwing en ûntwikkelje har ideeën op lokaasje. Mei de minsken dy't dêr wenje, wurkje of rekreëarje bouwe se oan in tydlik en gastfrij thúshûs.
- * Wy litte de werklikheid ta yn ús produksjes. Sa hawwe ús foarstellingen in dokumintêr karakter: se binne basearre op research yn de omjouwing. Wy sykje nei artistike manieren om ynweners fan Fryslân neist boarne ek ûnderdiel wêze te litten fan ús foarstellingen. Fierder nûgje we yn ferskillende fazen fan it ûntwikkelprosedes groepen út om te reflektearjen op ús materiaal.
- * Us foarstellingen binne in greep út it deistige libben. Se toane *slices of life*. It publyk rint in stikje op mei personaazjes fan ferskillende leeftiden en achtergrûnen, op in bepaald stuit yn har libben, dy't fanwegen in bepaald plak mei elkoar ferbûn binne.
- * Dat liedt ta iepenhertige mozaikfoarstellingen, dêr't it magyske en poëtyske neist it deistige en banale bestiet. Wy bringe humor én ernst, jouwe it wurd oan de garnaalpepper, de plysjesfrou en de sportpsycholooch. Sa ûntstiet in mearstimmich palet.
- * Diversiteit is dan ek it begjinpunt yn de casting: we wurkje mei akteurs dy't ferskille yn âldens, etnisiteit, sosjaal-kulturele achtergrûn, seksuele oriïntaasje, gender en sekse.
- * Wy bringe nije (benammen) Frysktalige teksten, foar de ûntwikkeling en fersterking fan Frysktalich teäter. Wy wurkje mei in groeiende groep betûfte en talintearre skriuwers dy't ferbûn binne mei Fryslân. Foar it grutste part fan ús publyk is Frysk de memmetaal. Troch gebrûk te meitsjen fan de taal dêr't dizze groep in direkte gefoelsbân mei hat, kreëarje we dat we tichtby binne, wat we graach wolle, en ferbining.
- * Typearjend foar Fryslân is de meartalichheid: in part fan de ynweners makket alle dagen gebrûk fan ferskillende talen. Meartalichheid is in stylmiddel binnen ús foarstellingen, om sawol it taalbewustwêzen fan it publyk as de tagonklikheid fan ús wurk te fergrutsjen. Wy meitsje gebrûk fan technologyske helpmiddels foar oersetting fan it Frysk nei it Nederlânsk, Ingelsk, gebeartetaal en audiodeskripsje.
- * Wy spegelje ús wurkwize en lûke op mei besibbe meartalige selskippen yn Europa, om't we ús werkenne yn elkoars posysje en mei ferlykbere tema's dwaande binne. Binnen dit netwurk ynspirearje we en leare we fan elkoar.



Tematyk 2025-2028

Yn de ôfrûne perioade hienen we spesjaal omtinken foar ‘ferdwinende tradysjes’. Yn in tal produksjes stelden we eksplisyt de fraach hoe’t we omgean moatte mei feroaringen yn ús maatskippij, as gefolch fan mondiale ûntwikkelingen as krimp, ferstedsking en klimaatferoaring. Wy ûndersochten it belang fan tradysjes foar de mienskips(sin) en hoe’t dy yn de takomst foarmjûn wurde kinne. It petear mei ús publyk gie oer identiteitsbelibbing yn in hieltyd feroarjende wrâld. Sa makken we *Sintgelok* (2022), oer de hâldbberheid én ûnwjersteanberheid fan de Sinteklaastradysje, *Under Wetter* (2022) oer de gefolgen fan klimaatferoaring en in trijelûk oer de Fryske *Fanfare* (2023-2024) dy’t altyd trochgiet, ek al is it flink yn de wyn op.



Ek de produksjes dy’t we yn de kommende jierren meitsje wolle gean oer in feroarjend Fryslân, mar no lizze we de fokus op ‘ferdwinende mienskippen’. Ut ûndersyk fan it Fries Planbureau docht bliken dat ynwenners fan Fryslân har noch hieltyd sterk identifisearje mei de Fryske Mienskip: it ferbûn wêzen, ûnderlinge ôfhinklikheid en selsredsumheid yn doarpen. Tagelyk ferfaget of ferdwynt de lokale mienskipsgeast, ûnder ynfloed fan mondiale ûntwikkelingen. De befolking yn Fryslân krimpt en fergrizet, it ferieningslibben nimt ôf, de kleau tusken earm en ryk wurdt grutter en migraasje nimt ta. Yn ús foarstellingen ûndersykje we hoe’t we mei dizze feroaringen omgean. Hoe bliuwe we mei elkoar ferbûn, ek al binne we mear op ússels oanwiisd? Hoe gean we mei ferskillen binnen en tusken mienskippen om? We ûndersykje wa’t meidwaan mei, wa net en wa foar in part. Wy hawwe omtinken foar meganismen fan útsluting en it kollektive swijen oer gevoelige ûnderwerpen binnen mienskippen. Wy trochbrekke de (opleine) stilte troch ferskillende perspektiven neist elkoar te pleatsen. Ek dat fan de outsider, dwerstinker of de minder hearde stim. Op plakken dy’t ús wat fertelle oer ús omgong mei elkoar: it iepenloftswimbad, sportkompleks, skoalplein of de achterkant fan de haven. Wy nûgje it publyk út om him te ferpleatsen yn in oar syn holle en hert.



Makkers 2025-2028

Neist **Tatiana Pratley**, dy’t û.o. twa grutskalige lokaasjeäterfoarstellingen regisseurret, meitsje **Eva Meijering**, **Aukje Schaafsma**, **Karel Hermans**, **Tamara Schoppert** en **Jos van Kan** produksjes foar folwoeksenen. Us jeugd- en jongerefoarstellingen wurde regisseurre troch **Hali Neto** (4+), **Romke Cabe Draaijer** (4+), **Tamara Schoppert** (8+), **Elien van den Hoek** (8+ yn koproduksje mei Het Houten Huis, Club Guy & Roni en Nordland Visual Theatre) en **Loek de Bakker** (14+).



Ek de skriuwers mei wa’t we wurkje hawwe ferskillende leeftiden en achtergrûnen, affiniteit mei Fryslân en de Fryske taal en stean by it skriuwen yn ferbining mei de mienskip: **Wessel de Vries**, **Maaïke Bergstra**, **Kees Roorda**, **Frank Siera** en **Herman van de Wijdeven**. **Siera** en **Herman van de Wijdeven**.



Aktiviteiten 2025-2028

Wy meitsje elk jier twa produksjes foar it folwoeksen publyk yn Fryslân, yn de maitiid en yn de hjerst. De maitiidsproduksjes binne te sjen op Oerol, foar in lanlik publyk. Suksesfoarstellingen nimme we yn foarkommende gefallen bûten Fryslân yn reprize. Rûchwei ûnderskiede we twa ferskillende soarten foarstellingen: grutskalige montaaazjefoarstellingen op ien spesifike lokaasje en reisfoarstellingen op lokaasje, dy't ta stân komme yn gearwurking mei sosjale of maatskiplike partners. Ta beslút ûntwikkelje we in ynstallaasje dy't it hiele lân trochreizget, fan festivals oant doarpsfeesten en musea.

IN DEI YN IT SWIMBAD

De makers fan *Part-Time Paradise* - Tatiana Pratley, Aukje Schaafsma, Karel Hermans en skriuwer Wessel de Vries - ûntwikkelje dizze foyeuristyske mozaikfoarstelling yn it iepenloftswimbad fan Wommels, dêr't badgasten it swimbad diele mei acht akteurs en har tinzen.

It famke dat op de râne fan it bad ferwûndere sit te sjen nei alle lichems dy't oan har foarby lûke: sil har lichem der letter ek sa útsjen? De buorman dy't (om medyske redenen) 25 kilo ôffallen is en dêrmei ûnûntkomber ek in diel fan himsels kwytrekke is. Twa freondinnen dy't mei in sluier oan de râne fan it bad sitte. De badjuffer dy't noed hat oer it fuortbestean fan dit plak, no't de enerzjyrekken hast net mear op te bringen is. De jonge dy't him yn it badhokje ferstoppet foar it famke fan syn wurk, dat hjir ek blykt te wêzen. De âldere mefrou dy't har ferwûnderet oer de kleurige badklean en kapsels; eartiids seach elkenien der itselde út.

Allegearre binne se hjoed nei it iepenloftswimbad yn it doarp kaam. Om te sykjen nei ûntspanning, ferlichting, frijheid. Alle lagen fan de befolking moetsje elkoar hjir. Yn swimbroek is elk gelyk. Dochs besykje de measte hjir fan alles om oare badgasten - en dan foaral har lichaamlikheid - te ûntwiken. Mei watfoar ideeën en ferwachtingen springe se it djippe yn? En hoe gean se oan de ein fan de dei nei hûs? Readferbaarnd? Mei argewaasje? Of optild? Skjin?

In dei yn it swimbad giet oer sjen en ferlykje, op in plak dêr'tst net om de oar hinne kinst. Yn in wrâld dy't neffens de ien hieltyd sediger wurdt en dêr't de oar him ferset tsjin it trochsleine stribjen nei lichaamlike perfeksje.

DRIFT

Yn 2022 is Eva Meijering begûn as jonge makker by Tryater. Sy regisseurre in suksesfolle 14+ foarstelling en makke de Oerol-hit *Sâlt*. Har wurk typearret him troch in suver- en earlikheid dy't neat mijt, it froulik perspektyf, in sterk tekstuele wrâld dêr't estetyk en humor hân yn hân yn gean. Yn de kommende beliedsperiode regisseurret Meijering in muzykteäterfoarstelling oer froulike seksualiteit. Wy wurkje hjirfoar gear mei trije muzikanten fan it Noord Nederlands Orkest.

FOEKJE

Yn gearwurking mei sportorganisaasjes (lykas Sportstad Heerenveen) spylje we dizze reisfoarstelling yn sporthallen en gymsealen yn hiel Fryslân en op Oerol. *Foekje* - regisseurre troch Jos van Kan en skreaun troch Kees Roorda - spilet yn op de syktocht nei ynklúzje en gelykheid yn de sportwrâld, dêr't de twadieling tusken man en frou noch hieltyd in dominante faktor is. By profesjonele atletykwedstriden wurde yn de frouljuskompetytsje noch altyd geslachtstesten en testosteronmjittingen dien. Cenderynklusiviteit en earlike kompetysje lykje rjocht foar elkoar oer te stean. Wat docht dat mei sporters dy't bûten de stelde noarmen falle? Lykas de Fryske draafster Foekje Dillema, fan wa't de olympyske sportdream begjin jierren '50 yn de knop brutsen waard, om't se foar it libben op non-aktyf set waard nei twivels oer har sekse?

De foarstelling is basearre op petearen mei minsken dy't Foekje kend hawwe en yntersekse persoanen, ûnder wa sporters. *Foekje* leit meganismen fan útsluting bleat en wol de emosjonele gefolgen dêrfan fielber meitsje. Watfoar ympakt hat it, wannear'tst op grûn fan dyn ûnderstelde identiteit troch oaren útsletten wurdst?



Foekje hat besocht it pynlike ferlies fan har dream yn stilte te ferwurkjen. Ek de mienskip om har hinne hâlde him stil. Is dit swijen in died fan skamte, of in died fan ferset?

HAVEN

Yn dizze grutskalige, ynternasjonale en meartalige lokaasjefoarstelling – dêr't akteurs út oare lytse havenstêden yn Europa (Brest, Tromsø, Galway) yn meispylje – ûndersykje regisseur Tatiana Pratley en skriuwer Wessel de Vries de haven fan Harns as plak dêr't skippen en minsken oankomme en ôfreizgje. Dêr't it famke dat yn de fiskôfslach oan de rinnende bân wurket, dreamt fan in bestean yn in waarm lân, wylst de East-Europeeske dokwurker krekt hjirhinne kaam mei it idee dat er it better krije soe. Mar is dat sa? Syn kollega's lunche sûnder him en jûns mist er it selskip fan syn âlde doarpsgenoaten, fier fuort

In soad bliuwt ferburgen op dit grutte anonime plak. Troch de dreamen en it langstme fan de minsken dy't hjir wurkje sichtber te meitsjen, krijt arbeidsmigraasje – yn al har kompleksiteit – in gesicht. In ferhaal oer de iensumheid fan in arbeidsmigrant yn in globalisearre, yndividualisearre wrâld. Oer de lytse minske yn in hieltyd grutter wurdende wrâld, dêr't dreamd wurdt oer plakken dêr't it libben better wêze kinne soe. Mei muzyk fan multy-ynstrumentalist Michelle Samba.

As prelude op de lokaasjefoarstelling is in rige húskeamermonologen, dêr't it publyk alfêst yn de kunde komt mei ien fan de personaazjes út de foarstelling. Dizze monologen wurde yn Fryske, Bretonske, Kveenske en Iersk-Caelyske húskeamers spile.

LIFT ME UP

De ynstallaasje *Snackgelok* (2022) is makke troch Aukje Schaafsma en Karel Hermans, yn gearwurking mei podcastmakker Tom Tieman. Underwerp wie it (oermjittich) konsumearjen fan koarte geloksgemoelens, fia snacks, klean of reizen. *Snackgelok* stie op ferskillende plakken, fan Oerol oant musea, fan doarpsfeesten oant it boekefestival yn Deventer. Yn de nije beliedsperiode ûntwikkelje se op 'e nij in monumintale ynstallaasje oer sinjouwing en gelok. Wat is de wearde fan leauwe yn in mienskip dy't hieltyd minder leaut? Hoe bliuwe we ferbûn en besiele?



Aktiviteiten jeugd en jongeren

Yn de hjoeddeistige beliedsperiode hawwe we ús jeugd- en jongere-ôfdieling fersterke en útboud ûnder lieding fan teätermakker Karlijn Kistemaker. Sy hat in heldere koers útset foar ús jeugd- en jongereproduksjes, dy't we nei har fuortgean yn 2022 folgjen bliuwe. Mei sukses; we hawwe moaie artistike resultaten boekt mei foarstellingen as *Jonges* (14+) en *De Eik was hier* (6+) en ek de ferkeap fan skoalfoarstellingen foar ferskillende leeftidsgroepen - mei elk har eigen profyl - rint goed. Yn 2025-2028 ferfolgje we dizze koers.

Wy produsearje jierliks in foarstelling foar it primêr ûnderwiis (PU): it iene jier in 4+ foarstelling en it oare jier in 8+ foarstelling. Elke PU-foarstelling giet yn reprize yn it dêropfolgjende jier, sadat der jierliks oanbod is foar ûnder- en boppebou. Yn de hjoeddeistige beliedsperiode binne we mei Het Houten Huis en PeerGrouP begûn om ek edukative lokaasjefoarstellingen te meitsjen foar 6+. Dat wolle we yn 2025-2028 op 'e nij dwaan. Ta beslút meitsje we om it jier in nije foarstelling foar 14+ (FU), dy't it jier derop yn reprize giet.

Foar elke leeftidskategory kieze we foar de lokaasje dy't it bêste by de ûntwikkelingsfaze past. Foar beukers (4+) meitsje we foarstellingen yn it boarterslokaal. Binnen dizze feilige kontekst kreëarje we in kleurrike, sintúchlike en fysike wrâld dy't útnûget om oars te sjen en mear te sjen. Foar bern út groep 3 en 4 (6+) ûntwikkelje we in edukative foarstelling krekt bûten de muorre fan de skoalle: in akteur nimt har mei op ûntdekkingsstocht op en by it skoalplein. Bern fan groep 5 (8+) ôf nûgje we út yn it teäter. In plak mei grutte magyske mooglikheden en eigen koades,

dêr't se mooglik noch noait earder west hawwe. Us 8+ produksjes binne te sjen as skoalfoarstelling én as iepenbiere foarstelling foar de hiele famylje. FU-foarstellingen (14+) bringe we allinne op skoallen, yn de klasse. We meitsje doelbewust in teatraal gebear yn in net-teatrale setting. De fokus leit op sterke spulregy, urginte en konfrontearjende tema's, nije teksten en oertsjûgjende akteurs. Sa litte we oan dizze doelgroep sjen dat teäter tichtby en persoanlik wêze kin – oars as in soad jongeren tinke. Wy soargje foar feilich, direkt en betsjuttingsfol kontakt.

Wy wolle dat elk bern yn Fryslân op syn minst ien kear yn syn skoalkarriêre in Tryaterfoarstelling bywennet. En troch de gearwurking mei Het Houten Huis en PeerGroupP sjogge ek hieltyd mear bern út Grinslân en Drinte ús produksjes. Om't we it fan belang fine dat ús jeugdfoarstellingen ek yn it iepenbier te sjen binne, stean we ek op (jeugd)festivals yn Nederlân. Wy hawwe in goede relaasje mei festivals yn fjouwer grutte stêden en sette de kommende perioade yn op útwreiding fan it tal spylmooglikheden foar bern en jongeren bûten Fryslân.

ANWAR EN DE WOLF (8+)

Dizze foarstelling – yn regy fan Tamara Schoppert en skreaun troch Herman van de Wijdeven – wurdt spile foar basisskoallearlingen yn hiel Fryslân, ynklusyf AZC-skoallen en ynternasjonale skeakelklassen. Ek wurdt de produksje iepenbier spile yn de krystfakânsje, mei in kontekstprogramma dat ferskillende publyksgroepen by elkoar bringt. Dat programma ûntwikkelje we mei VluchtelingenWerk Nederland.

Anwar en de Wolf giet oer in moeting tusken in jonge flechtling en in wolf, dy't elk op har eigen manier omswalkje troch Fryslân. In filosofysk, muzikaal mearke oer grinzen. Oer begripen as 'thús wêze', 'thúshearre', 'dy thús fiele'. Oer opkommende territoariumdrift. Oer de grinzen fan de taal. En oer ûnmjitlike empaty.

NEAR

Loek de Bakker makket foarstellingen by û.o. Toneelschuur Producties en HNTJong. Hy makket byldzjende, muzikale en gefoelige foarstellingen dêr't personaazjes nei hâldfêst, erkenning en ferbining yn sykje. As makker is er ynteressearre yn de fraach hoe't we wurde wa't we binne. Mei in soad gefoel en humor ûndersiket er de floeiberheid fan grinzen. Bygelyks tusken freonskip en yntimiteit, of online en offline. Dêryn fine hy en skriuwer Maaïke Bergstra elkoar. Tegearre ûntwikkelje se yn 2025-2028 twa 14+ foarstellingen.

In groeiend tal jongeren yn Fryslân sit om allerhanne redenen lang siik thús. Yn *Near* besykje twa pubers har freonskip wer op te pakken, nei't ien fan har himsels fan de iene op de oare dei yn syn keamer opsleat. Hy hat fjouwer moannen net nei skoalle west. *Near* giet oer gefoelens fan iensumheid, hoop en wanhoop, dysels en de wrâld feroarjen sjen. Wat as it even net slagget om ferbining te meitsjen?

IEN FOAR DY, TWA FOAR MY

Teätermakker Hali Neto hat Angoleeske roots en is opgroeid yn Portugal en Fryslân. Jierren lyn folge er ús ynterne akteursoplieding. Nei syn mime-oplieding oan de AHK kaam Neto yn 2021-2024 werom by Tryater as jonge makker en makke de foarstelling *Croeiograach* (4+). De unike kombinaasje fan syn mime-achtergrûn, meartalichheid (Portugeesk en Nederlânsk) en ferbining mei Fryslân past goed by ús jeugdprofyl. Yn 2025-2028 makket er op 'e nij in fysike, meartalige beukerfoarstelling. In humoristysk aventoer oer diele, dêr't de wiere minsklike aard yn nei boppe komt. Hoe sosjaal binne we fan natuere?



Talintûntwikkeling

Underdiel fan ús missy is it soarch dragen foar profesjionalisearring en ynnovaasje yn it Fryske teäterfjild. Troch talinten te begelieden yn har ûntwikkeling wolle we in wêzentlike bydrage leverje oan in fitaal kultureel klimaat yn Fryslân en de noardlike regio. Us talintûntwikkelingsbelied is bewust breed, om't der urgint ferlet is fan nije, talintfolle krêften binnen alle ôfdielingen fan de Fryske teätersektor. Wy begeliede dus net allinne makkers, akteurs, skriuwers, foarmjouwers en komponisten, mar biede ek romte oan net-artistyk talint, lykas saaklik talint en edukaasjemakkers (yn de foarm fan traineeships).

Spearpunt is it duorsum begelieden fan talint, sa't dat behâlden bliuwt foar Fryslân. De ôfrûne jierren hawwe we in nije generaasje Fryske makkers en spilers oanlutsen en begelaat yn har artistike ûntwikkeling. Mei sukses: dizze nije generaasje stiet no sels oan it roer. Binnen Tryater sels (lykas artistyk direkteur Tatiana Pratley), of as selsstannige makkerskearn yn Fryslân (lykas De Prutsers, Illustere Figuren, Club Nel, Firma Draaijer en De Vries). Ek yn de kommende perioade hawwe we dêr omtinken foar. Twa fan de jonge makkers dy't op dit stuit in talintûntwikkelingstrajekt folgje, komme as makker werom: Hali Neto en Eva Meijering. Dêrneist biede we op 'e nij trije talintûntwikkelingstrajekten op maat oan. We sille wurkje mei Michelle Samba, Romke Gabe Draaijer en Stijn Schootstra.



Yn de hjoeddeistige beliedsperioade wie Michelle Samba as komponist en livemuzikant belutsen by de foarstelling *Sâlt*. Al dêrfoar learden we har kennen as makker binnen Station Noord. Michelle har eigensinnige Frysktalige sang, begelaat troch firtuoas perkusjewerk, sprekt ta de ferbylding fan in breed publyk. Yn 2025-2028 makket se in perkusje-ynstallaasje foar Oerol en biede we plak oan Samba as komponist, by de foarstelling *Haven*.



Romke Gabe Draaijer begûn as spiler by Jong Tryater en ûntwikkele him dêrnei ta selsstannich makker. Meikoarten slút er de Master in Theatre oan de Toneelacademie yn Maastricht ôf. Syn wurk is sterk byldzjend en inte op ferhalen út de LHBTIQ+ mienskip yn Fryslân. Draaijer syn talintûntwikkelingstrajekt bestiet út it ûntwikkeljen fan de Oerol-foarstelling *De Oare Kant*, oer de gefolgen fan in coming out binnen in heterohoulik foar dejinge dy't achterbliuwt, in beukerfoarstelling op skoallen en in regy-assistinsje by *Haven*.



Stijn Schootstra studearret yn 2024 ôf oan de Toneelschool yn Amsterdam. Op dit stuit wurket er mei Sybren van der Velde oan in foarstelling oer har bertedoarp De Rottefalle, dy't Tryater yn gearwurking mei skouboarch De Lawei produsearret. Yn 2025-2028 is er yn meardere Tryaterproduksjes te sjen (wêrûnder *Foekje*) en wurdt er troch ús begelaat yn syn ûntwikkeling as akteur.

Ek op oare wizen ferbine we ús oan makkers, spilers, skriuwers en net-artistike talinten dy't har bewust ferhâlde ta de Fryske kontekst dêr't we yn wurkje:

- * Fia 'Jong Tryater', ús ynterne oplieding foar jonge spilers fan Fryske teäteropliedingen (NHL Stenden HBO Docent Theater, D'drive school voor creatieve industrie en Jeugdtheaterschool Meeuw), dy't yn twa seizoenen by Tryater mienskiplik in yntinsyf lestrajekt folgje - bedoeld om feardichheden op it mêd fan spylje, sjen, analysearje en teäter meitsje te ûntwikkeljen - en dêrnei meispylje yn foarstellingen. Tryater wurket dêrfoar gear mei dosinten fan ArteZ, HKU, AHK en Toneelacademie Maastricht. Faak streamt in tal fan de dielnimmers troch nei de toanielskoallen. Troch har betiid oan ús selskip te binen, fine se nei de toanielskoalle makliker wer it paad werom nei Fryslân. De nije lichterling start yn de hjerst fan 2024.

- * Fia Station Noord: in mienskiplik talintúntwikkelingsprogramma foar poadiumkeunsttalint yn Noard-Nederlân¹. Makers krije de romte om har binnen in trijejierrich trajekt te ûntwikkeljen op artistyk, saaklik en persoanlik mêd. Ek stypje we begjinnende saaklik liederes, marketeers en edukaasjemakers. Alle partners nimme diel oan netwurkbyienkomsten en biede begelieding, ekspertize en fasiliteiten.
- * Troch de ûntwikkeling fan (nije) Fryske en/of meartalige toanielskriuwers te stimulearjen, troch skriuwopdrachten te jaan en skriuwers te stypjen by it meitsjen fan autonoom wurk. Yn 2025 organisearje we yn it ramt fan ús jubileum in ienakterfestival, mei ienakters fan fiif skriuwers dy't we begeliede. Profesjonele makers wurkje mei amateurspilars oan de fiif teksten yn fiif Fryske skouboargen.
- * Troch gearwurking mei Jeugdtheaterschool Meeuw; we kreëarje spylstaaazjes foar JTS-ers, helpe by audysjetarieding foar toanielskoallen en organisearje mei Meeuw en Keunstwurk in Jongere teäterdei foar 12+.
- * Troch staaazjes en traineeships oan te bieden en trochstreaming fan talint mooglik te meitsjen. Yn 2025-2028 wurkje we mei in trainee ympakt en ynteraksje (teätermaker Eline de Vries), dy't kontekstprogramma's by ús foarstellingen ûntwikkelet en ûndersyk docht nei de (bliuwende) ympakt dêrfan.
- * Fia it gearwurkingsferbân Kultuer Kollektyf. Mei oare kulturele ynstellingen yn Ljouwert begeliede we acht ynterdissiplinêre keunstners yn it jier.
- * Fia it label Stipe Troch Tryater: we stypje Fryske makers en kollektiven dy't selsstannich teäter meitsje wolle yn Fryslân. It giet om talintearre makers dy't earder by Tryater oan in talintúntwikkelingstrajekt meidien hawwe of oan Tryaterproduksjes meiwurke hawwe. Tryater draacht by oan de kwaliteit fan har projekten troch artistike begelieding, produksjonele en publisitêre stipe.

Ynternasjonaaal



Meartalichheid is ús deistige realiteit en in mondiaal feit. Wy fiele ús nau besibbe mei oare Europeeske regionale teäterselskippen dy't yn *lesser spoken languages* produsearje. Mei partners út sân oare lannen ûntfongen we yn 2022 in Europeeske subsydzje (Creative Europe Fund) foar it projekt *Phōnē* (Gryksk foar 'stim/spraak')². It trijejierrige projekt – dêr't Tryater pinfierder fan is – ferbynt minsken dy't ta in taalminderheid hearre oer taal- en kultuergrinzen hinne. It projekt bestiet út it skriuwen, oersetten en spyljen fan nije toanielstikken yn minderheidstalen, útwikseling tusken profesjonele makers en spilars fia ynternasjonale teäterjûnen en in ynternasjonaaal community-festival. Op dit stuit wurkje we oan gearwurkingsplannen fan 2025 ôf, om it opboude netwurk te bestindigjen en fierder út te wreidzjen. Der is wrâldwiid ferlet fan útwikseling fan kennis en ûnderfining op dit mêd. Mei in tal partners út it netwurk sille we konkreet gearwurkje. It yn 2028 plande projekt *Haven* lient him bygelyks goed foar in útwikseling mei akteurs fan Teatr Piba yn Brest, Kvinn National Theatre yn Tromsø en Fíbín yn Galway.

Neist *Phōnē* meitsje we diel út fan it Europeeske IETM-netwurk en it subnetwurk AREA (Arts in Rural European Areas). Ek binne we aktyf binnen it jeugdteäternetwurk Assitej. We diele ûnderfiningen en ynsichten mei kollega-selskippen: op artistyk-ynhâldlik, edukatyf, produksjoneel en marketingmêd. Ta beslút wurkje we geregeld mei oan ûndersyk fan hegeskoallen en universiteiten op it mêd fan meartalich teäter (lykas NHL Stenden en Rijksuniversiteit Groningen).

¹ Station Noord bestiet út NITE, Club Cuy & Roni, De Noorderlingen, Explore the North, Carage TDI, Grand Theatre, Het Houten Huis, Jonge Harten Festival, Loods13, Meeuw Jonge Theatermakers, Noorderzon, Noord Nederland Orkest, Oerol, Oranjewoud Festival, PeergrouP en Tryater. Grand Theatre Groningen is koördinator.

² Sjoch ek: rml-theatre.eu

Publyksbelied

Mei in sechtichjierrige skiednis en in dúdlike identiteit wit hast elke Fries fan it bestean fan Tryater. Wy spylje wiid fertakke troch de hiele provinsje. Us knalgiele frachtwein rydt oeral en we fertelle ús ferhaal trochrinnend online en yn de regionale parse. Us oanbod is rjochte op 'in libben lang Tryater', fan de beuker dy't yn de kunde komt mei de mimewrâld fan Hali Neto yn it boarterslokaal op skoalle oant de trouwe 65-plusser dy't alle foarstellingen folget dêr't Joop Wittermans yn meispilet. De gearstalling fan ús publyk is oer it generaal dan ek ferskillend yn leeftiid, sosjaal-kulturele achtergrûn, seksuele oriïntaasje, finansjele situaasje en taal.

Us ambysje is der te wêzen foar *alle* ynweners fan Fryslân. Wy stribje altyd nei ferbining en om tichtby te wêzen, yn de kar foar makkers, ûnderwerpen en spylplakken. Wy binne ús hieltyd bewust fan it ferskaat yn de Fryske maatskippij: mearstimmichheid (ferskaat) klinkt troch yn de kar fan it ûnderwerp, de gearstalling fan ús team (artistyk en net-artistyk), de programma's by ús foarstellingen, ús gearwurkingen en (meartalige) kommunikaasje-uteringen. Sadat safolle mooglik minsken har werkenne kinne yn Tryater. Har útnûge fiele om mei te dwaan. En iepenstean foar in ferskowing fan har perspektyf.

Us jonge publyk berikke we foar in grut part fia de skoallen (iepenbier en bysûnder ûnderwiis, alle nivo's), troch hiel Fryslân. Dat publyk foarmet automatysk in ôfspegeling fan de maatskippij yn de provinsje. Oer ús folwoeksen publyk sammelje we al goed tsien jier data (û.o. fia Whize segmintaasje). Us wurkwise – wêrby't we sels de kaartferkeap dogge – stelt ús dêrta by steat. De data litte sjen dat trije potinsjeel ynteressearre groepen noch wat ûnderfertsjinwurdige binne yn ús publyk: ynweners fan Fryslân mei in oare kulturele achtergrûn, net-Frysktaligen en de leeftiidsgroep 20 oant 40 jier. We sette doelfêst yn op it berikken fan dizze trije groepen, net allinne yn marketing en kommunikaasje, mar bygelyks ek troch op plakken te spyljen dêr't dizze doelgroepen ferbûn mei binne, gear te wurkjen mei organisaasjes dy't oan har ferbûn binne en de tagonklikheid fan ús wurk te fergrutsjen.

Tagonklikens



Sûnt 2021 sette we folop yn op de tagonklikheid fan ús foarstellingen foar elkenien, makket net út wat de achtergrûn en/of beheining is. Wy nimme konkrete maatregels om ferskillende aspekten fan tagonklikheid te ferbetterjen: fysyk, digitaal, sosjaal en finansjeel. Sa hawwe we in lift en rolstoeltagonklike yntree realisearre. Dêrneist wurkje we oan duorsume relaasjes mei soarch- en maatskiplike ynstânsjes dy't ferbûn binne oan doelgroepen mei in beheining, sa as stichting Komt het Zien! en Smoel Kunstwerkplaats. Wy prate geregeld mei ûnderfiningssaakkundigen en bouwe stadichoan in publyk op fan fysyk beheinden, ferstanlik beheinden, dôven en blinen, minsken dy't net goed hearre en sjen kinne en besikers dy't gefoelich foar prikkels binne.

Oarstaligen, dôven en minsken dy't net goed hearre kinne beaen we yn it ferline by foarstellingen oersettingen oan fia hand-outs, tablets of in ljochtkrante. Neidiel fan dizze ynstruminten is dat de besiker de foarstelling en oersetting net as gehiel waarnimme kin, mar hieltyd 'zappe' moat tusken tekst en byld. By smart glasses – in bril dêr't ûndertiteling en sels in gebeartetolk yn projektarre wurde kinne – hoecht dat net. Dat helpmiddel biedt in optimale belibbing by it sjen. Dêrom hawwe we yn dizze metoade ynvestearre. Wy wurkje mei in Frânsk softwaresysteem dat ferskillende gebrûkersgroepen tagelyk betsjenje kin: oarstaligen, dôven en minsken dy't net goed hearre kinne fia smart glasses en blinen en minsken dy't net goed sjen kinne fia audiodeskripsje. By de foarstelling *Under Wetter* op de iisbaan fan Wergea (2022) hawwe we dit systeem foar it earst ynset, mei sukses. Sa berikten we yn gearwurking mei de Rijksuniversiteit Groningen en NHL Stenden in grutte groep Ingelsktalige

studinten. Mei stipe fan Cultuurloket DigitALL optimalisearje we yn 2024 en 2025 it brûken fan dit systeem foar ús besikers, sadat oarstaligen en minsken mei in beheining, krekt as alle oaren, sels kieze kinne op watfoar momint se ús foarstellingen bywenje wolle. De tapassing is potinsjeel nijsgjirrich foar oare teäterproduzenten, skouboargen en teäters. Yn ferskillende nasjonale en ynternasjonale netwurken diele we ús kennis en ûnderfining.

Ta beslút hawwe we each foar de finansjele situaasje fan ús publyk. Fryslân is ien fan de provinsjes mei it leechste gemiddelde ynkommen fan húshâldens. Wy hâlde de prizen fan ús foarstellingen doelbewust leech en wurkje mei in donaasjeknop by it boeken fan tickets: 'Keapje in kaartsje, jou in kaartsje'. Sa kinne we yn gearwurking mei maatskiplike partners (as Platform Armoede en Schulden Fryslân) kaarten fuortjaan oan minsken foar wa't de priis in te hege drompel is.

Edukaasje en ynteraksje



Us foarstellingen stean noait op harsels. Wy nimme in lange oanrin en begjinne by de boarne: de groep minsken dy't belutsen is by it ûnderwerp fan de foarstelling en/of it plak dêr't de foarstelling spilet. Yn it gefal fan jeugd- en jongerefoarstellingen binne dat learlingen op skoallen troch hiel Fryslân. Us makkers, skriuwers en edukatoaren bringe tiid troch op skoallen út ús netwurk. Dêr ûndersykje se hoe't learlingen har ta de tematyk fan de foarstelling ferhâlde. Ut dy ûnderfining wei ûntwikkelje we de foarstelling en it edukaasjemateriaal, dy't mei elkoar ien gehiel foarmje.

Us edukaasje-oanbod is ôfstimd op it nivo fan it bern of de jongere en slút oan by de belibbingswrâld. Op de basisskoalle (PU) drage we út dat teäter ferbining hat mei ferskillende fakken en fakoerstiigjend ynset wurde kin. Us lesmateriaal is letterlik grut foarmjûn en nimt plak yn. Kinst der net omhinne. Wy sette oan ta kreativiteit: fantasearje, wurkje troch it te ûnderfinen en net tawurkje nei ien antwurd. Wy biede bewust tsjinwicht oan de fokus op kognitive ûntwikkeling yn it basisûnderwiis. Op de middelbere skoalle (FU) en op it MBU bringe we teäter yn de klasse. Hoe't we sosjaal-maatskiplike ûnderwerpen bringe – teatraal, nuansearre en mei meardere lagen – daget jongeren út om fierder te sjen as 'dat is no ien kear myn miening'. Yn in neipetear freegje we har te ferwurdzjen wat se sjoen hawwe. It petear nûget jongeren út om fierder te sjen en nijsgjirrichheid te toanen nei elkoars perspektyf.



Rûnom

Ek ús foarstellingen foar folwoeksenen nûgje út ta ynteraksje. Yn it proses fan it meitsjen sels - ynherint oan ús wurkwize - en fia kontekstprogramma's foar in breed publyk. Dy programma's wurde tagelyk mei de foarstelling ûntwikkele, faak yn gearwurking mei maatskiplike partners. We neame dy programma's Tryater Rûnom. Sy ferlingje de sjochûnderfining: as de foarstelling noch komme moat is Rûnom der al en nei ôfrin giet Rûnom fierder. Dat bart yn allerhanne foarmen: in spul, in podcast, in kuierrûte, in temadiner. Krekt wat by de foarstelling past. Doel is om de belutsenheid fan it publyk by ús produksjes te fergrutsjen en besikers yn de gelegenheid te stellen om te reflektearjen, breder te sjen, fan gedachten of stânpunt te feroarjen. Dêrneist kin Rûnom it paad sljochtsje foar besikers dy't noch net sa bekend binne mei teäter. Rûnom bringt har yn de ferlieding om mei te dwaan, mei te belibjen, tichtby, yn har eigen buert of doarp.

Communities

Yn 2021-2024 hawwe we ynset op it fersterkjen fan ús bân mei in tal tawijde groepen. Dat binne it freonenetwurk *Freonen fan Tryater*, in groeiende groep Frysktalige skriuwers en dichters dy't workshops by ús folgje en meiwurkje oan Rûnom-programma's, leden fan amateurselskippen dy't meidien hawwe oan ús jierlikse *Couden Wykein* en jongeren dy't yn it ferline belutsen west hawwe by *Try This* of oare jongereprojekten. Dy lytse mienskippen binne weardefol foar Tryater, as trouwe besikers, ambassadeurs fan ús wurk én petearpartner. Ek yn 2025-2028 ûntwikkelje we weromkommend oanbod foar dizze groepen. Wy wurkje ta nei in duorsume ferbining mei de groepsleden, troch âld-dielnimmers struktureel te belûken by nije produksjes en aktiviteiten.

Ta beslút in foarbyld. By de foarstelling *Nacht* yn 2021 lieten tsien Frysktalige amateur- en semyprofesjonele skriuwers har ynspirearje troch de fraach: wat hâldt Fryslân nachts wakker? Yn in workshop – jûn troch dichter en edukaasjemeiwurker Sytse Jansma - wurken de skriuwers mei fragen as: 'wêr tinkst oan flak foar it sliepen gean?' 'Wat sjocht de moanne, as se nei ûnderen sjocht?' En: 'wa soesto yn it moanneljocht sette wolle?' Elke skriuwer droech de tekst foar yn de Tryater-podcast 'Radio Moanneljocht', dy't op ús webside te beharkjen wie en nachts útstjoerd waard op Omrop Fryslân. De podcast is ferrassend goed beharke en waard in culthit yn de radionacht.

Organisaasje en bedriuwsfiering

Tryater ferfollet as meartalich teäterselskip in fitale funksje yn it regionale en lanlike oanbod fan poadiumkeunsten. Dy funksje hawwe we al sechtich jier en wolle we noch op syn minst sechtich jier ferfolje. Us bydrage oan de ferbreiding, ferdjipping en fernijing fan it Frysktalich teäter is rjochtlâne foar ús bedriuwsfiering. Wy wurkje neffens de kearnwearde duorsumheid en wearden dy't dêr yn ús eagen út fuortkomme: diversiteit, transparânsje, solidariteit en fertrouwen. Sa rjochtsje we ús net allinne op wat hjoed nedich is, mar krekt ek op ús wearde en ympakt op de lange termyn.



Duorsume organisaasje

Yn de hjoeddeistige beliedsperioade ûntwikkelen we (bottom-up) in effisjintere organisaasjestruktuer. Wy binne loskaam fan ôfdielingen mei meiwurkers dy't deselde 'dissipline' beoefenje (produksje, marketing, edukaasje) en ha ús organisearre neffens de twa soarten produksjes dy't we meitsje: foar folwoeksenen oan de iene kant en foar jeugd en jongeren oan de oare kant. Sa binne twa teams ûntstien, mei elk in eigen produksjelieder en kampanjelieder. Dy wurkwize soarget derfoar dat de kommunikaasjelinen tusken meiwurkers fan ferskillende disciplines koarter wurden binne en dat beide teams selsstjoerend funksjonearje kinne.

In oare ûntwikkeling dy't it neamen wurdich is, is dat we op ferskillende organisaasjebrede tema's begûn binne te wurkjen mei koördinatoaren: Tagonklikheid, Diversiteit & Ynklúzje, Duorsumheid, Talintûntwikkeling, Ynternasionalisearring en Sosjale Feilichheid. Oant begjin 2023 wie op elk fan dizze terreinen in wurkgroep aktyf, dy't de oanset joech ta konkreet belied. Dat belied is ûnderwilens fanselssprekkend ûnderdiel wurden fan ús deistige praktyk. De koördinatoaren fungearje as (ekstern en yntern) oansprekpunt, sinjlearje nije kânsen en sjogge derop ta dat it belied organisaasjebreed tapast wurdt. Elk fan dizze ûnderwerpen wurdt geregeld op de wurklist set yn it managementteam. Sa monitoarje we bygelyks ûnder begelieding fan de koördinator Diversiteit en Ynklúzje de fuortgong dy't we boeke op de 4 p's: programma, publyk, personeel en partners. Foar elke P wurkje we mei in konkrete aksjelist en hâlde we data by foar de scan diversiteit en ynklúzje dy't we jierliks útfiere.

Wy stribje nei in personielsbestân dat in goede ôfspegeling is en represintaasje foarmet fan ús omjouwing. Tryater is yn tal fan opsichten ferskaat en balansearre gearstald. Dochs binne noch hieltyd groepen ûnder-represintearre. Us belied om nije minsken oan te lûken is derop rjochte om it ferskaat binnen ús teams te fergrutsjen,

ûnder mear troch de ynset fan oare kanalen, media en netwurken. Troch oplieding (ûnder mear fia Theater Inclusief) en ynhier fan eksterne ekspertize hawwe we ús solisitaasje-prosedueres objektiver en ynklusiver makke. Mei sukses; it persintaazje meiwurkers mei in bi-kulturele achtergrûn is sûnt dy tiid tanaam. Dat is oars in kwestje fan geduld, om't it personiële ferrin ûnder fêste meiwurkers beheind is.

Wy fine duorsumheid fan grut belang by alle relaasjes dy't we oangean mei meiwurkers, mei (koproduksje-)partners, mei finansiers, mei leveransiers en feitlik elkenien mei wa't we wurkje. Wy stribje nei lange termyn relaasjes dy't basearre binne op oandacht foar elkoar, earlikheid, transparânsje en fertrouwen. Ek ús talintûntwikkelingsbelied - yn alle ôfdielingen fan de organisaasje, ynklusyf oplieding of oare karriêrebefoarding foar fêste en freelance meiwurkers - komt fuort út ús soarch foar de takomst. Om't we wolle dat oer sechtich jier noch altyd Frysktalich teäter makke wurdt, sjogge we it as ús taak om hieltyd op 'e nij in nije generaasje by steat te stellen te eksperimintearjen, te learen en ûnderfining op te dwaan.

Duorsum wurkjouwerskip en opdrachtjouwerskip

It Frysk(talig)e profesjonele teäterfjild is flink lytser as it Nederlânske. Gefolch dêrfan is dat in relatyf lytse groep Frysktalige freelance teäterprofesjonals (akteurs, regisseurs, skriuwers en technisy) op regelmjittige basis foar Tryater wurket. Der is sprake fan ôfhinklikheid fan wjerskanten: Tryater hat dizze freelancers nedich om kwalitatyf goede produksjes meitsje te kinnen en sy hawwe Tryater nedich as wurk- of opdrachtjouwer. In soarchfâldige omgong mei elkoar – neffens de prinsipes fan de Fair Practice Code – is dêryn essinsjeel.

De cao toaniel en dûns foarmet de basis foar wurkjouwerskip en opdrachtjouwerskip by Tryater. In earlik en gelyk spylfjild (gelikense kânsen, gelikense mooglikheden en gelikense beleanning) tusken leantsjinst en wurkje yn opdracht is dêrfan de basis. Frijheid foar freelance meiwurkers om te kiezen (leantsjinst of opdracht) heart dêr by: we respektarje de wetlike kaders en de autonomy fan ús meiwurkers. Utgongspunt is dat in opdrachtnimmer net mear of minder kostet as in meiwurker yn leantsjinst. De oanbelangjende meiwurker, en net Tryater, genietet fan de foardielen fan de kar op dit punt (dy't foar elke meiwurker oars wêze kinne). Ek wat arbeidsbetingsten oangiet, lykas opliedingsmooglikheden, is gelikense behanneling fan alle meiwurkers (leantsjinst of opdracht) de stelregel.

Wêr't de cao oangeande de omfang fan honoraria gjin útkomst biedt, om't it wurk net goed yn in bepaalde tiid te fetsjen is (skriuwopdrachten, ûntwerp opdrachten, komposysjes en sa), wurdt wurke mei honorariumrjochtlinen. By foarkar binne dat troch de sektor dielde honorariumrjochtlinen. Wêr't sa'n rjochtline ûntbrekt, meitsje we in eigen rjochtline en diele dy mei de belutsenen. Mei de beropsgroepen dêr't dat relevant foar is wurde altyd dúdlike ôfspraken makke oer auteursrjochten. Ek wêr't de cao op oare punten ûndúdlik is of romte foar eigen ynfolling lit, makket Tryater yntern belied dat fêstlein en dield wurdt mei belutsenen.

Tryater praat graach en faak mei oer goed wurkjouwerskip, it ferbetterjen fan de arbeidsmerk, Fair Practice, Fair Pay, Sosjale Feilichheid en de cao. Dat bart fia de Nederlandse Associatie voor Podiumkunsten en Kunsten '92, mar ek op byienkomsten fan bygelyks Platform ACCT of Stichting Sociale Veiligheid Podiumkunsten (de saaklik direkteur fan Tryater is lid fan de klankboerdgroep fan dizze stichting).

Bestjoer en tafersjoch

Tryater (formeel *Fryske Toaniel Stifting Tryater*) is in stichting dy't yn 1965 oprjochte is en sûnt 2014 mei in Ried fan Tafersjoch (R.f.T.) wurket. De statuten fan de stichting binne by de oergong nei it wurkjen mei in R.f.T. opsteld út de op dat stuit jildende opfetting oer Cultural Governance wei. Yn 2023 binne de statuten oanpast nei de opfettingen fan no en yn oerienstimming brocht mei de Wet Bestuur en Toezicht Rechts-personen.

De direksje wurdt foarme troch in artystyk direkteur-bestjoerder (sûnt 2020 Tatiana Pratley) en in saaklik direkteur-bestjoerder (sûnt 2016 Valentijn Fit). Dat binne betelle funksjes dy't binnen de cao falle. De R.f.T. bestiet út seis leden mei ferskate achtergrûnen, profilen en netwurken dy't fiif à seis kear yn it jier gearkomme. R.f.T.-leden kinne in ûnkostefergoeding ûntfange (mar inkelde leden sjogge dêrfan ôf). De R.f.T. operearret ûnôfhinklik en is sels ferantwurdlik foar de gearstalling en it hoedzjen fan de yntegriteit.

De acht prinsipes fan de Governance Code Cultuur en de ferskillende rollen dêrby foar de bestjoerders en de leden fan de R.f.T. wurde ûnderskreaun, neilibbe en jierliks evaluearre. Dêroer rapportearje we yn it bestjoersferslach, dat iepenbier makke wurdt. Op it mêd fan cultural governance binne neist it almar skerp, earlik en wach wêzen, op dit stuit gjin nije 'stappen' fereaske.

Tryater hat in Personeelsvertegenwoordiging (PVT) dy't út trije meiwurkers bestiet. Mei de PVT wurde arbobelied, personielsbelied en belied oangeande sosjale feilichheid en yntegriteit ôfstimd. De PVT komt ek jierliks gear mei de R.f.T.

Tryater hat in eksterne ûnôfhinklike fertrouwenspersoan dy't streekrjocht beskikber is foar alle wurkjenden (leantsjinst, opdrachtnimmer, staaasje, frijwilliger). Sy rapportearret jierliks oan direksje, PVT en Ried fan Tafersjoch. Hoe't omgien wurdt mei (meldingen fan) net winske gedrach of yntegriteitsskeiningen is fêstlein yn twa ôfsûnderlike regelingen dy't foar alle meiwurkers maklik tagonklik binne.

Duorsume partnerskippen

Ek yn partnerskippen en gearwurkingen is in duorsume opstelling liedend. By it oangean fan nije partnerskippen betinke we oft de gearwurking bydraacht oan it ferfoljen fan ús missy, rjocht docht oan de belangen fan beide partijen en basearre is op earlikheid, transparânsje en fertrouwen. Gearwurking mei tal fan partners rint troch alle fasetten fan ús belied hinne: we hawwe artistike partnerskippen, partners yn talintûntwikkeling, ynternasjonale partners en gearwurkingen op it mêd fan edukaasje en ynteraksje en tagonklikheid. Ek meitsje we diel út fan lanlike en regionale netwurken om de podiumkeunstesektor te fersterkjen. In grut tal gearwurkingspartners is al earder neamd. Yn dizze paragraaf ljochtsje we ús kar foar in tal fan har neier ta.

Oerol is fan âldsher in belangrike partner foar ús: we fine elkoar yn de ambysje om út Fryslân wei in breed publyk te entûsjasmearjen foar ynnovatyf lokaasjeteäter en lânskipkeunst. Tryater is in fêst en fertroud gesicht foar it Oerolpublyk; we bringe struktureel produksjes nei Skylge. Dêrneist wurkje we gear – elk út ús eigen ekspertize wei – oan de begelieding fan nije lokaasjeteätermakers en lânskipkeunstners. Wy helpe se har netwurk en mooglikheden te fergrutsjen. Dat kinne we mei elkoar better as allinne.

Ek ús relaasje mei de fiif Fryske skouboargen (De Lawei, De Harmonie, Theater De Koornbeurs, Theater Sneek en Posthuis Theater) ken in lange skiednis. Mei elkoar hawwe we in trou teäterpublyk opboud. Earder makken we jierliks in reisfoarstelling foar teäters en doarpshuzen. No't we hieltyd mear op alternative lokaasjes wurkje, is it karakter fan ús gearwurking mei de skouboargen feroare. Us foarstellingen gean mei yn de brosjueres as plus op it reguliere aanbod: mei elkoar biede we in jûnfoljend programma oan bûten de muorren fan it teäter. Us 8+ foarstellingen binne wol yn de skouboarchsealen te sjen. En ek it ienakterfestival yn 2025 komt mei dizze partners ta stân.

Foar de ferkeap fan ús jeugdfoarstellingen wurkje we û.o. gear mei Kunstkade³. It is foar ús belangryk om in fêst en fertroud gesicht te wêzen yn it kultuermenu-oanbod yn Fryslân, sadat we alle ynwenners ûnder de 18 jier yn de kunde komme litte kinne mei Tryaterproduksjes. Dêrneist hawwe we in eigen ferkeapmeiwurker, dy't ús Fryske skoalnetwurk (PU en FU) ûnderhâldt en útwreidet. Dat liedt ta duorsume relaasjes mei dosinten en in goede ôfsetmerk. Us jongerefoarstellingen wurde ek op dizze wize ferkocht.

Om de ferkeap fan ús produksjes yn Grinslân en Drinte te stimulearjen, organisearje we jierliks in presintaasjedei foar it ûnderwiis en programmeurs út Noard-Nederlân, mei Het Houten Huis en PeerGrouP. Troch ús krêften te bondeljen, kreëarje we mei elkoar in sterk noardlik jeugd oanbod. De gearwurking mei dizze selskippen hat yn it hjoeddeistige keunsteplan ek artistike ynfolling krigen. Wy hawwe in suksesfolle koproduksje foar 6+ ûntwikkele dy't lâns skoallen yn de trije noardlike provinsjes reizget.

Bûten ús foarstellingen om wurkje we gear mei tal fan maatskiplike organisaasjes, lykas bygelyks JINC. Troch JINC-jongeren in oantal kear yn it jier yn de kunde komme te litten mei ús bedriuw, litte we de alsidichheid fan ús fak sjen en hoopje we har te entûsjasmearjen foar teäter – as sjogger of takomstich meiwurker. Oarsom ynspirearje dizze jongeren ús troch te fertellen wat har dwaande hâldt en fragen te stellen wêrtroch't we oars nei ús wurk sjogge.

Wy ferbine ús ek oan inisjativen dy't passe by ús missy as selskip en ûnderfertsjin-wurdige publyksgroepen oansprekke kinne. In foarbyld dêrfan is de gearwurking mei it Amsterdamske selskip Raymi Sambo Maakt yn 2026. Mienskiplik organisearje we it event 'De Staat van de Emancipatie', oer taalferskaat en -emansipaasje yn Nederlân en oerseeske gebieten.

Duorsumensbelied

Wy wurkje al jierren aktyf oan it ferlytsjen fan de negative ympakt dy't we hawwe op ús fysike omjouwing (natuer en miljeu) en it fergrutsjen fan de positive ympakt dy't we op ús omjouwing hawwe kinne as foarrinner, foarbyld en ynspirator. Us oanpak slút goed oan by de 'Theatre Green Book-oanpak', wêrby't wurke wurdt oan gebou, produksjes en bedriuwsfiering. Wat gebou en bedriuwsfiering oangiet hawwe we al in soad aksjes ûndernaam, fan biologysk ôfbrekberere skjinmakmiddels oant ynfreadferwaarming yn de foyer en de ferfanging fan teaterspots foar ledferljochting. Ferskillende aksjes dy't in gruttere ynvestearring fergje, wurde no útfierd of stean pland foar de kommende jierren. In pear foarbylden: waarmteweromwinning yn ús grutte seal, rjochtlinen foar carpoolôfspraken en de ynvestearring yn elektrysk ferfier fan grutte materialen (neist it elektryske buske dat we al yn gebrûk hawwe). Ek wat produksjes oangiet hawwe we stappen set. Tink oan it werbrûken en kar fan materiaal. Yn 2025-2028 kieze we foar noch skerpere útgongspunten foar produksjes. Sy foarmje fan dat momint ôf in ûndergrins, yn plak fan in nei te stribjen doel. Wy folgje de goede suggestjes fan Theatre Green Book op dit punt.

Finansjele posysje

Yn de taljochting op de begrutting foar 2025-2028 gean we yn op de hjoeddeistige en takomstige finansjele posysje fan Tryater, ynklusyf de finansjele risiko's dy't dêrby hearre.

³ Keunstwurk ferkeapet gjin jeugdfoarstellingen mear, mar biedt in ICC-kursus oan foar dosinten PU en FU, wêrbinnen we de kursisten yn de kunde komme litte mei it oanbod fan Tryater.


Ta beslút

Yn 2025-2028 ûntwikkelje we Tryater as meartalich lokaasje teäterselskip troch, ûnder artistike lieding fan Tatiana Pratley, mei nije makkers en meiwurkers yn it kylwetter. Sy stean op de sterke skouders fan har foargongers en foarmje op har beurt de skouders foar de takomstige generaasje Fryske teätermakers. Yn alles binne we derop rjochte in komplette teäterfoarsjenning foar Fryslân te wêzen. Wiid fertakke yn tal fan mienskippen dy't Fryslân ryk is, iepen foar ynteraksje, ynnovatyf yn foarm en rjochte op de takomst. Wy dagje ússels út om de grutte tema's fan dizze tiid letterlik nei de leefwrâld fan it publyk te lûken. Mei besteande en nije partners bringe we ferskillende publyksgroepen by elkoar. Wy sjogge út nei de moeting.



Aktiviteite-oersjoch 2025-2028

Leginda



2025



Folwoeksenen

jeugd en jongeren



2026




Folwoeksenen

jeugd en jongeren



Aktiviteite-oersjoch 2025-2028

Leginda



2027



Folwoeksenen

jeugd en jongeren



2028



Folwoeksenen

Jeugd en Jongeren



Fotoferantwurding

p.1 *Sâlt*, Bart Crietens

p.3 f.l.n.r. *Nacht*, Ruben van Vliet | *Fanfare*, Tryntsje Nauta | *It Celok fan Fryslân*, Lucas Kemper

p. 5 *Under Wetter*, Anna van Kooij | *Sintgelok*, Anna van Kooij | *Ynblaze (Fanfare-trilogie)*, Lucas Kemper | *Snackgelok*, Marleen Annema | *Jonges*, Ruben van Vliet

p. 6 *Sâlt*, Nichon Clerum

p. 7 *Snackgelok*, Lucas Kemper

p. 8 *Croeigraach*, Tryntsje Nauta

p. 9 Michelle Samba in *Sâlt*, Bart Crietens | Romke Gabe Draaijer in *Trije Sisters*, Lucas Kemper | Stijn Schootstra in *Rottevalle*

p. 12 *Sûkerswiet*, Knelis | *De Eik was hier*, Knelis

p. 17 f.l.n.r. *Dat is toch net Earlik?*, Knelis | *Under Wetter*, Lucas Kemper | *Under Wetter*, Anna van Kooij

p. 20 *Fanfare*, Tryntsje Nauta

Foarmjouwing: Jelle F. Post

TRYATER

